

FERKLEARRING FOAR MEARTALIGENS YN IT HEGER ÛNDERWIIS (HÛ)

Al erkenne wy dat dit dokumint gjin juridysk binend effekt hat, it docht in publike tasizzing oer de ynset foar in aktive en konstruktive bydrage oan de ûntwikkeling fan belied foar meartaligens yn it HÛ. De Ferklearring stiet iepen foar ûndertekening troch dyjingen dy't har dwaande hâlde mei meartalich taallearen en meartalige epistemology, taalferskaat en respekt foar taalrjochten, en spesifyk troch: (a) ûndersyks- of akademyske groepen, organisaasjes, federaasjes, ferienings (wol of gjin rjochtspersoan), (b) yndividuen, yn har hoedichheid as leden fan akademyske groepen en oare maatskiplike ynstânsjes dy't aktyf behelle binne by talen yn it ûnderwiis.

YNLIEDING

Ynternasionalisaasjebelied, dat fan belang is foar in tanimmend tal hegerûnderwiisinstellings (HÛY's), en ek foar nasjonale en supranasjonale beliedsynstânsjes, stribbet nei ferbettering fan de kwaliteit fan it heger ûnderwiis – of sa wurdt beard – yn in hieltyd mear ferbûne wrâld. Yn it gefal fan de EU hawwe beliedsinisjativen op it mêd fan ynternasionalisearring ta doel om systemen fan heger ûnderwiis gelikenser te meitsjen yn it ramt fan de European Education Area. De EEA befoarderet transnasionale gearwurking, partnerskippen tusken HÛY's en it oparbeidzjen fan EU-lidsteaten om mei súkses te kommen ta 'ynklusive nasjonale ûnderwiis- en treningsystemen'. Lykwols, ynternasionalisearring hat laat ta it algeduerich mear brûken fan it Ingelsk as 'lingua academica', fan English Medium Instruction (EMI) en ta feringelsking fan it HÛ. Nettsjinsteande it groeiende bewiis oer de neidielen fan it eksklusyf brûken fan it Ingelsk yn ûnderwiis, ûndersyk, akademyske publikaasjes en yn netwurkjen, wurdt soks dochts aloan mear stipe troch nasjonale autoriteiten en beliedsmakkers, yn de ûnderstelling dat Ingelsk it paad sljochtet nei ekonomyske ûntjouwing, modernisearring en mondiale kommunikaasje. It brûken fan it Ingelsk op kosten fan de offisjele/nasjonale taal/talen en fan regionale of minderheidstalen kin derop útdraaie dat dy talen yn spesifike sosjale domeinen yn ûnbrûk reitsje en dat taalrjochten fersake wurde. Boppedat hat it brûken fan it Ingelsk op kosten fan oare talen mei of sûnder behoarlik kultureel kapitaal gefolgen foar talich en kultureel ferskaat, wat liedt ta ferearming fan sosjale en epistemyske kennis.

ALGEMIENE UTSPRAAK

De ûndertekeners fan de 'Ferklearring foar meartaligens yn it heger ûnderwiis', opsteld troch de European Civil Society Platform for Multilingualism (ECSPM), ûnderstypje de grûnbegjinsels fan it 'Helsinki Initiative on Multilingualism in Scholarly Communication'¹, en ferbine har derta om by te dragen oan belieds- en beslútfoarming en oan wurkwizen dy't yn oerienstimming binne mei de Oanbefellings CM/Rec(2022)1, oannaam troch it Komitee fan Ministers fan de Ried fan Europa, oer it

¹ Hjir is in Ingelske gearfetting fan it Helsinki Initiative on Multilingualism (<https://www.helsinki-initiative.org/en>): (1) Stypje de fersprieding fan ûndersyksresultaten te'n geunste fan de maatskippij troch derfoar te soargjen dat: a) ûndersikers derfoar beleanne wurde dat sy ûndersyksresultaten bûten de akademyske wrâld ferspriede en har yn litte mei erfskip, kultuer en mienskip, en b) gelikense tagong bean wurdt ta ûndersyk en kennis yn in ferskaat oan talen; (2) Hoedzje nasjonale ynfrastuktuer om lokaal relevant ûndersyk te publisearjen, troch derfoar te soargjen dat: a) non-profit tydskriften en boekútjouwerijen foldwaande middels en stipe ha om hege standerts fan kwaliteitskontrôle en ûndersyksyntegriteit oan te hâlden, en b) nasjonale tydskriften en boekútjouwers beskerme wurde yn har transysje nei *open access*; (3) Befoarderje taalferskaat yn ûndersyksbeoardieling, -evaluaasje en -finansieringssysteem troch derfoar te soargjen dat: a) yn it proses fan evaluaasje troch saakkundigen, ûndersyk fan hege kwaliteit achtenearre wurdt, likefolle de taal of it medium fan publikaasje, en b) wannear't in kwantitatyf systeem hantearre wurdt, tydskrift- en boekpublikaasjes yn alle talen adekwaat meirekkene wurde.

“belang fan meartalige en ynterkulturele edukaasje foar in demokratyske kultuer”. Wat it HÛ yn it bysûnder oanbelanget, ferplichtsje de ûndertekeners har ta om:

- it brûken fan ferskate talen te garandearjen en te ûnderstypjen, njonken de offisjele taal/talen fan HÛY's yn bestjoer, ûndersyk en publikaasjes, dosearjen-learen en kommunikaasje;
- meartaligens feilich te stellen en te fuortsterkjen, benammen yn it lesjaan en learen en yn transnasjonale ûndersykgearwurking;
- in berop te dwaan op taaltechnologysk ark foar it lesjaan en learen dat it brûken fan ferskillende talen fasilitearret.

BEWUSTWURDING

De ûndertekeners fan de Ferklearring foar meartaligens yn it heger ûnderwiis fan it ECSPM ferbine har derta om by te dragen oan de bewustwurding fan har universitêre bestjoeren, en ek oan de kennis fan dejingen dy't ferantwurdlik binne foar taalbelied, taalmanagement en de ûntwikkeling fan kurrikula, ûndersykshaden, wittenskippers, ûndersikers, studinten, ûnderwiis- en administrative stêf, as maatskiplike organisaasje:

- 1) Feardich wêze yn jins offisjele/nasjonale taal, thústaal of hokker oare learde taal ek fersekeret noch net de epistemyske geletterdheid yn dy taal, wat hiel oare diskursive praktiken ferget as folkstalige geletterdheid. Beide binne lykwols wichtich foar it konstruearjen fan betsjutting yn de kontekst fan ûnderwiis, troch sawol studinten as dosinten.
- 2) By it lesjaan of learen yn in oare taal as jins eigen, kin/mei net ferwachte wurde dat men dy taal op memmetaalnivo brûke kin.
- 3) It is foar universiteitsstudinten en -stêf wichtich dat sy oanfitere wurde om alle talen en taalfarianten te brûken dy't sy machtich binne, foar sinfolle kommunikaasje yn ferskillende konteksten fan har akademyske libben.

SPESIFIKE OANBEFELLINGS

De ûndertekeners fan de Ferklearring foar meartaligens yn it heger ûnderwiis fan it ECSPM dogge de folgjende oanbefellings om oernommen te wurden troch beliedsmakkers, transnasjonale, nasjonale of subnasjonale organisaasjes, ynstânsjes, universiteiten, ûndersyksynstituten, ûndersyksjildsjitters en ûndersikers:

1. Jou romte oan ferskillende talen (net inkeld it Ingelsk) as ynstruksjetaal yn programma's, kursussen, modules, njonken de offisjele taal fan de ynstelling.
2. Der binne in protte 'ûnsichtbere' talen yn alle ûnderwiisynstellings en der soe romte wêze moatte foar dizze talen om sichtber en erkend te wurden.
3. Jou rânebetingsten foar taalseleksje om de kwaliteit fan it ûnderwiis te fersekerjen.
4. Tink derom dat dosinten dy't kursussen oanbiede yn oare talen as de offisjele taal fan de ynstelling, epistemysk feardich binne yn dy talen.
5. Ynternasjonale studinten moatte holpen wurde om te yntegrearjen yn de akademyske mienskip en dêrta moat harren de mooglikheid bean wurde om stipe te krijen en yntinsive taallessen te folgjen.
6. Soargje derfoar dat ûnderwiis net eksklusyf ientalich en net monokultureel oanbean wurdt (leverje bgl. bibliografy, taaltechnologysk ark, fideo's yn ferskillende talen).
7. Undersykgroepen rûnom yn universiteiten moatte oanpoend wurde om te kiezen hokker taal/talen oft yn hokker situaasjes brûkt wurde (by ynteraksje, fersprieding fan ûndersyksútkomsten, publikaasje fan resultaten).
8. Moedigje it oersetten en njonkeninoar brûken fan talen oan en ynvestearje yn taaltechnologysk ark.

Oerset troch: J. Ybema
Meilêzers: J. Dijkstra en C. van der Meer